

COLUMN RAAD DANTUMADIEL

It is alwer in hiel skoft lyn dat my frege waard oft ik op'e list foar in nije politike partij yn Dantumadiel stean woe. dêr moast ik wol efkes goed oer neitinke. Ik hie in drokke baan yn it ûnderwiis, wie alle dagen ûnderweis en seach myn bytsje frije tiid rap ferdwine.

Ik begryp no ('t ik út it wurk bin) noch net rjocht hoe't ik de tiid foar alles fine koe.

Ommers ... as nij riedslid, as nije fraksje wolle jo ek oeral by wêze. Der wie in soad ambysje, in soad goede foarnimmens mar ek in soad ferlet oan kennis en ûnderfining. Ik wie dan ek tige bliid dat der in soad stipe fan in (krekt ûnderskieden) âld-riedslid binnen ús fraksje wie. Dat (en de stipe fan de griffy) hie ik perfoarst nedich op dat momint.

Ik ha dan ek grut respekt foar de kollega-riedsleden dy't alles allinne of mei in hiel lytse fraksje dwaan moatte. Want it "hâldt je wol fan'e strjitte": Harksittings, ynformaasjejûnen, trajektgroepen, riedspetearen en dan ek noch de petearen en wurkbesites fan de eigen fraksje.

Mar it wie -en is- ek moai en sinfol om wat betekenje te kinnen foar



de ynwenners fan dizze prachtige gemeente.

Ik bin dan ek tige bliid mei de ynteresse fan jongeren foar dit moaie wurk.

Wa: Auke Sikma | Sociaal Links | 69 jier

Wurk: no pensionado, eartiids yn it ûnderwiis wurke

Wenplak: Rinsumageast
En fierders: mei Ollie (ús kampeerbuske) derop út